

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	<p>It Kolleezje</p> <p>Underwerp: regionale ôfstimming bedriuweterreinen</p>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Steaten hawwe yn PS 12 novimber 2014 in moasje nr. 19 oannommen dat de provinsje foarearst gjin meiwurking ferlient oan de oanlis fan nije bedriuweterreinen. Revitalisaasje, werstrukturearring en ferduorsuming fan besteande terreinen hat de pree, sa is ek yn it koalysjeakkoart 2011-2015 ôfpraat.</p> <p>De regel yn ús provinsje is dat der by nije bedriuweterreinen neffens de saneamde SER-ljedder earst yn regionaal ferbân sjoen wurdt nei nut, needsaak en ferlet. Hjirta binne yn 4 regionale bedriuweterreinenplannen ôfspraken makke mei de gemeenten.</p> <p>It Kolleezje jout yn syn brief 01198432 fan 10 maart 2015 oan dat it no nedich is om alle besteande regionale bedriuweterreinenplannen op'e nij tsjin it ljocht te hâlden. De sifers en prognoazen dêr't yn de plannen fan út gien is, binne ûnderwilens bot efterhelle. Ferlet, de feitlike útjefte en de feroare ekonomyske omstannichheden binne reden ta foarse bystelling.</p> <p>No fernimme wy dat de gemeente Zuidhorn fan doel is om oan it grutskipsfarwetter yn it Grinzer Westerkertier in wiet bedriuweterrein te ûntwikkeljen. Dit soe in streekrjochte konkurrint wurde fan wiete bedriuweterreinen yn de swierdere klasse oan itselde farwetter deun oer de grins yn Fryslân, benammen Koatstertille en Skûlenboarch.</p> <p>De gong fan saken mei de ferbreiding fan de slûs op Koarnwertersân (ôfstimming, gearwurking mei omlizzende provinsjes ten bate fan û.o. de skipsbou) en mei de komst fan in saneamde Hypermarché oan de grutte dyk by Stienwyk (net winske ekonomyske effekten op in grut gebiet wêrûnder Súd-Fryslân) wize der op dat ôfstimming fan dit soarte fan grutte ûntwikkelingen mei de buorprovinsjes nedich is.</p> <p>Yn dit ferbân hawwe wy de folgjende fragen:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Binne jo op de hichte fan de plannen fan de gemeente Zuidhorn? Wat is de status fan dy plannen foar in nij wiet bedriuweterrein oan it Van Starckenborghkanaal by Noordhorn? 2. Wat kinne jo op dit stuit – op basis fan de nije konsept Behoefteraming dêr't jo yn jo brief fan 10 maart 2015 nei ferwize en foarútrinnend op de nije regionale ôfstimming mei de gemeenten- al sizze oer de regionale sprieding fan wiete bedriuweterreinen yn ús provinsje, de skaal dêrfan, lokaasjes, de kwaliteit en de ûntwikkeling fan de beëage

	<p>bedriuwsegminten?</p> <p>3. Wurdt de regionale sprieding fan wiete bedriuweterreinen troch jo ôfstimd op de Beliedsfisy op de beropsfarwegen dy't yn it Koalysjeakkoart 2011-2015 oankundige is? Sa nee, graach jo argumintaasje wêrom net?</p> <p>3. Wat kinne jo op basis fan fraach 2 en 3 sizze oer de wiete bedriuweterreinen yn Noardeast-Fryslân?</p> <p>4. Binne jo it mei ús iens dat foar beskate bedriuwsegminten op (wiete) bedriuweterreinen net allinnich in regionale ôfstimming binnen Fryslân fan belang is, mar ek mei de buorgemeenten flak oer de provinsjegrinzen?</p> <p>5. Hawwe jo yn it ramt fan de provinsjale kearntaak 'romtelik-ekonomyske regionale ûntwikkeling' sa'n ôfstimming mei de Provinsjes Grinslân en Drinte, en mei de bedoelde buorgemeenten yn dy provinsjes? Konkreet, wurdt de SER-ljedder ek tapast oer de provinsjegrinzen hinne? Sa net, binne jo dan ree om it petear mei harren oan te gean, en spesifyk oer de planûntwikkeling yn it Grinzer Westerkertier?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Anna Martha van der Mei
---------------	---

Datum	12 maart 2015
-------	---------------